



de Earne

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 9, nûmer 34, desimber 2006

Mystyk leauwen

Op it momint dat ik dit skriu, ha wy de earste twa lêzings fan de Earnewâldster Rûnte hân: it ferhaal fan Auke Jelsma op 26 septimber en dat fan Kick Bras op 7 novimber. Fan beide lêzings haw ik o sa genoaten. Benammen op de jûn mei Kick Bras oer de mystikus en fredesaktivist Thomas Merton foelen by my in hiel soad puzelstikken te plak. Net allinne hie de sprekker in hiel boeiend ferhaal, mar hy brocht foar myn gefoel it mystike libbensgefoel sa goed ûnder wurden.

Bras omskreau mystyk as 'de keunst om jin ien te fielen mei de werklikheid om jin hinne'. De mystikus belibbet yn en efter de werklikheid it Grutte Mystearje, dêr't er him sels mei ferbûn fielt as de djipste grûn fan syn bestean. De mystikus sjocht dan ek mei ferwûndering en earbied nei de wrâld om him hinne.

De mystikus siket de stilte, want krekt yn de iensumheid en de stilte belibbet er de oanwêzichheid fan datjinge wat te grut is om te beneamen. De mystikus skrillet der foar tebek om dat ûneambere samar 'God' te neamen, om't dat wer alderhande misferstannen opropt. Mei wat yn de tsjerke fakentiids sein wurdt oer God hat er net safolle affiniteit, om't dat foar syn gefoel hingjen bliuwt yn in dogmatysk systeem fan grutte wurden, dy't wat al te maklik as fanselsprekkend yn de mûle nommen wurde. De mystikus belibbet dêr net safolle by.

Kick Bras fertelde dat Thomas Merton in de rin fan syn libben hieltiten mear de stilte fan de natoer opsocht om dêr te meditearjen en ek dat er faak siet te skilderjen. De ferbûnens mei it Mystearje dat Merton belibbe yn de kleuren, de rook, de lûden, yn de stilte, ja yn de hiele sfear fan de natoer, ynspirearre him sawol ta betruksenens by de wrâld en krewearjen foar de frede, mar it wie ek de boarne foar syn kreativiteit. Want ek kreatyf dwaande wêze, lykas skilderjen, is in foarm fan meditearjen. As men kreatyf dwaande is, stiet jins geast iepen en krekt dan belibbet men de djippe ferbûnens mei de werklikheid en fielt men jin yn it djipst fan jin

wêzen ien mei it Mystearje of wol de godlike grûn fan jins bestean.

Yn de bibel komt men dit libbensgefoel benammen yn de psalmen tsjin. Ik tink dan oan psalm 23, psalm 121 en psalm 139. Sa helle ik yn de betinkingstsjinst op 26 novimber psalm 121 oan, it liet dat begjint mei de wurden: 'Ik slach myn eagen op nei de bergen. Wêr sil myn help weikomme?' De dichter fan dit liet belibbet de Ivige as 'de Hoeder fan syn libben', dy't der altiten foar him is en by wa't er altiten terjochte kin. Hy belibbet Him net as fier fuort, mar as ûnôfskiedlik tichteby as syn eigen skaad oan de rjochterside. De psalmdichter siket ek de natoer op, mar dan de sfear fan de bergen. Yn wat er dêr sjocht en belibbet, ûnderfynt er de oanwêzichheid fan de Ivige dy't foar him in boarne is fan treast, libbensmoed en ynspiraasje. De Hoeder fan syn libben, de ûnsichtbere krêft dy't syn libben draacht.

Ik murk de jûns fan 7 novimber dat der mear wiene lykas my, dy't tige rekke wiene troch de lêzing fan Kick Bras. Benammen de wat mystike geasten sille har tige oansprutsen field hawwe. Wat mysels oanbelanget, foelen in hiel soad dingen út myn geastlike biografy, dingen dêr't ik my net iensen sa bot bewust fan wie, ynienen te plak. It waard my dúdlik, dat foar mysels en foar frijwat oaren it mystike belibjen essinsjeel is foar it leauwen!

Krystnacht-ljocht

De nacht teskuort ús tinzen.

Wy binne finzen yn de macht
fan twastriid tusken ljocht en tsjuster,
mar witte krekt sa goed as juster:

it paad fan soarch en noed

falt yn it ljocht fan hjoed,

it krystljocht kent gjin grinzen.

Doeke Faber

Preekrige

De tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke.

| | | | |
|---------------|-------------------|-----------------------------------|--|
| 24 desimber | 9.30 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Fryske tsjinst, mienskiplike tsjinst yn 'e Herf. Tsjerke |
| 24 desimber | 22.00 oere | Drs. Y.J. Hiemstra | Krystnachttsjinst yn 'e Herf. Tsjerke |
| 25 desimber | | Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld | Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 25 desimber | 19.00 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Krysttsjinst foar de bern, yn 'e Griff. Tsjerke, mienskiplik |
| 31 desimber | 19.00 oere | Ds. G. Groeneveld, Ljouwert | Hollânske tsjinst, mienskiplik, yn 'e Herf. Tsjerke; âldjiersdei |
| 7 jannewaris | 9.30 oere | Dhr. G. van Wieren, Twizelerheide | Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 14 jannewaris | 9.30 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Frysk Oek. Wurkferbân |
| 21 jannewaris | 9.30 oere | Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld | Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 28 jannewaris | 9.30 oere | Kand. B. de Jong, Kampen | Hollânske tsjinst, mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 4 febrewaris | 9.30 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Frysk Oek. Wurkferbân |
| 11 febrewaris | 9.30 oere | Frou M. Gort-Terpstra, Earnewâld | Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 18 febrewaris | 9.30 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Fryske tsjinst; mienskiplik yn 'e Herf. Tsjerke |
| 25 febrewaris | 9.30 oere | Da. G.M. Arends-Alkema, De Krim | Hollânske tsjinst; mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 4 maart | 9.30 oere | Dhr. K. Zondag, Feanwâlden | Frysk Oek. Wurkferbân |
| 11 maart | 9.30 oere | Dhr. C. van Wieren, Drachten | Hollânske tsjinst, mienskiplik yn 'e Griff. Tsjerke |
| 18 maart | 9.30 oere | Dr. R. Klooster, Ljouwert | Fryske tsjinst, mienskiplik yn 'e Herf. Tsjerke |

Keunst en kultuer yn de tsjerke

Op de lêste gearkomst fan it Oekumenysk Wurkferbân kaam it idee nei foaren om wat mear te dwaan mei ús Earnewâldster tsjerkje. Benammen op kultureel gebied. Sa ha wy al in kear as wat in konsert hân, in kear sels in literêr konsert. Mar guon like it ek wol wat ta om de tsjerke iepen te stellen as stiltesintrum. Oaren kamen mei it idee om keunst út te stallen yn de tsjerke. It freget fansels wat organisaasje, mar der wurdt oer neitocht en de mooglikheden sille neigien wurde.

Praatrûnte Earnewâld

Ik bin op 28 novimber úteinset mei in praatrûnte. Der wiene dy jûns seis dielnimmers en wy hawwe it hân oer de preek dy't ik hâlden haw by de betinkingstsjinst op 26 novimber en fansels ek psalm 121 dy't ik dêrby brûkt haw. Ik murk dat minsken op dizze wize graach noch wat neiprate wolle oer de tsjinst dy't se yn de tsjerke heard hawwe. En sels fyn ik it o sa nijsgjirrich om te hearren hoe't de wurden op de minsken oerkommen binne. Wat har oansprut-

sen hat en wat minder en hoe't se oan it tinken set binne. Trouwens, sokke petearen skerpje jinsels ek wer o sa op.

De twadde gearsit sil wêze op **tiisdeitejûn 23 jannewaris** o.s., ek wer om **8 oere** jûns yn de konsistoarje by de herfoarme tsjerke. Ek dan sille wy it wer ha oer in resinte tsjinst. Ik hie fan te foaren wat minsken útnoege, mar yn de mienskiplike betinkingstsjinst haw ik witte litten dat yn prinsipe **elkenien** dy't meidwaan wol, tige wolkom is.

Krystnachttsjinst

Op 24 desimber jûns om 10 oere sil der in krysttsjinst wêze yn 'e Herfoarme Tsjerke fan Earnewâld. Oan dizze tsjinst sille meiwurkje drs. Y.J. Hiemstra, meditaasje, Pieter Herder, oargel en kwartet Paul de Bruin, Corrie Bakker, Tine Sietsma en Jappie de Vries.

Tige tank

Hjirby wolle wy alle minsken dy't ús in kaart tastjoerd hawwe mei in lokwinsk mei it nije hûs dêr tige foar tankje.

Fam. R. Klooster

In Wite Kryst

Der wie ris in man dy't it krystfeest yngeand fiere woe. Hy helle in ljedder út de skuorre en spande oan it plafond de reade papieren slingers dêr't men yn dat gefal net bûten kin. Oan de lampe hong er fan dy reade krystklokken, dy't opteard net safolle lykje, mar jin by eintsjebeslút neat ôffalle. Doe makke er de tafel ree. Oerenlang hie er by trije winkels yn in lange rige stien te wachtsjen, mar it koe no dan ek besjen lije.

By alle itenspannen stiek er sa'n kearske oan, dêr't men tsien fan yn in doaske keapet, en klapte yn de hannen. Dat wie it teken dat se deryn komme mochten. Syn oarehelte en syn bern dy't elkoar al dy tiid yn de keuken mei in ferlegen glimke oansjoen hiene, kamen der wat ferstuivere yn. 'No ju', seine se, 'dat hiest no net dwaan moatten'. Mar om't er it al dien hie, gongen se noflik sitten en seagen elkoar bliid oan. 'En no wolle wy it ús net allinne goed smeitsje litte', sei de man, 'mar wy moatte ek yn ús omgean litte wat der lang lyn bard is'. En hy lies foar hoe't Maria en Joazef alle herbergen ôfrûnen, mar dat der nearne plak foar harren wie. It bern waard by eintsjebeslút al berne, mar yn in stâl.

En doe begûnen se te iten, want no mocht it, al wie der dan in soad lijen yn de wrâld. 'Sjoch, sei de man, dat is no krystfeest fiere lykas it heart'. En dêr hie er gelyk oan. En hja besauden har oer de hurdhertigens van al dy kastleinen. Mar dat wie twatûzen jier lyn, moast men mar tinke. Soks soe no net mear foarkomme.

Op dat stuit gong de belle. Wat kiezzich lei de man it stik ban-

ketletter dat er krekt yn de mûle stekke woe, wer op de itenspanne del. 'Dat is no ferfelend', sei er, der is ferduld ek altiten wat'. Hy makke it servet



los, sloech de krommen fan de broek en slofke nei de foardoar. Op de stoepe stie in man mei in burd en mei heldere, ljochte eagen. Hy frege oft er hjir ek efkes skûlje koe, want it snijde sa bot. It wie nammentlik in Wite Kryst, dat hie ik noch

fergetten te sizzen. Hoe koe ik sa dom wêze. De beide mannen seagen elkoar in amerij swijend oan en doe waard de iene ynienen wol sa dûm. 'En noch wol krekt mei krysttiid', sei er, 'binne der gjin oare jûnen?' En hurd klapte er de doar ticht. Mar doe't er de keamer wer yn-

kaam, krige er in raar gefoel oer him en de krin-teboffert smakke him net. 'Ik gean noch efkes hinne te sjen', sei er, 'der is wat bard, mar ik wit net krekt wat'. Hy rûn wer nei de stoepe en seach yn de wiskjende snie. De man mei it burd gong krekt de hoeke om. Hy seach dat er in frommeske by him hie dat op alle dagen rûn. Hy draafde nei de hoeke en dikere oer de wei, mar der wie neat mear te sjen. It like wol as wiene dy beiden weiwurden yn de snie. Want it wie, lykas ik sei, in Wite Kryst.

Doe't er wer yn de keamer kaam, seach er wat wyt en hie triennen yn de eagen. 'Sis mar efkes neat', sei er, 'de wyn is wat skrok. It saksearret daliks wol wer'.

En sa wie it ek! Men moat jin oer sokke dingen hinne sette kinne.

It waard noch in hiel noflik en âlderwetsk gesellich krystfeest. Yn gjin jierren hie it sa echt west. It snijde en snijde mar troch, de hiele nacht. En sels it bern waard wer lykas eartiids berne yn in skuorre.

Godfried Bomans, 'Een witte kerst', út: *Groot Spookjesboek*; oersetting fan Rienk Klooster

Het vrijzinnig protestantisme in Nederland

Dat is de titel fan in boekje dat ik skreaun haw en dat mids novimber útkommen is by de firma Kok yn Kampen. It is in dieltsje út de searje *Wegwijs*, in rige fan boekjes oer wrâldgodstsjinsten, religieuze bewegings en streamings. De opset fan de rige is om de lêzer in bytsje paadwiis te meitsjen yn de bûnte wrâld fan leauwen en fan tinken. It boekje dat ik skreaun haw, is dan ek net in wittenskiplik hânboek, mar mear in ynlieding yn it wêzen, de skiednis en de hjoeddeiske ferskiningsfoarmen fan it frijsinnich protestantisme.

Op de efterflap haw ik (hjr oerset yn it Frysk) de opset fan it boekje sa ûnder wurden brocht: 'Dit boek wol paadwiis meitsje yn it frijsinnich protestantisme, in geastesrjochting dy't fanâlds de lofterflugel útmakket fan it protestantisme yn Nederlân. Typearjend foar it frijsinnich protestantisme is de klam op de geastlike autonomy. Leauwen is wat persoanliks en kin allinne bestean yn frijheid. In oar skaaimerke fan frijsinnichheid is ferdraachsumens. Dy't foar himsels frijheid fan gewisse easket, sil ek oaren dyselde frijheid gunne om op har eigen wize har leauwen te belibjen. Om't frijsinnichheid hiel bot inte is op it libben en ek op de tiidgeast, is hja dynamysk fan karakter. Har skiednis is dan ek it ferhaal fan in geastesstreaming dy't hieltyd yn beweging west hat, al neffens de ympulzen dy't hja krige en de ûntjouwings dy't hja

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl
Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra
(foarsitter fan it wurkferbân)

D. den Hoed (0511) 53 95 58

J. Landheer (0511) 53 97 23
(tsjerkeriedslid, ponghâlder)

M. v. d. Molen (0511) 53 93 14
(tsjerkeriedslid)

J. Siderius (0511) 53 92 82
(tsjerkeriedslid)

A. de Vlas (0511) 53 93 13

G. Wester-Herder (0511) 53 92 08

A. Veldboom (0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld:

Rabo Burgum e.o.: 34.98.14.058

Tematsjinsten

De tsjinsten dêr't dûmny R. Klooster de kommende tiid yn foargean sil, sille gean oer it tema 'Froulju yn 'e bibel'.

Fan it foarige tema mei de preken fan dû. Klooster oer it 'Ús Heit' binne der noch in tal boekjes. It boekje kostet € 7 en is te krijen by de bestjoerders fan it FOWE en de Herfoarme Tsjerke.

Literêr konsert op 28 jannewaris

It konsert yn febrewaris ôfrûne jier hat ús sa goed foldien dat wy Jaep Meems wer frege ha om in literêr konsert te fersoargjen.

Meiwurkje sille ûnder oaren Matty de Vries, skriuwster, Gretha Hoekstra, sopraan, Annetta Dijkstra, sello, letsje Meems, fioele, Jinke Lyklema, fluit

Plak: Herfoarme tsjerke Earnewâld

Tiid: de middeis om 15.30 oere.

Kollekte foar de ûnkosten by de útgong.

Kofjedrinke

Nei de tsjinst op 14 jannewaris is der gelegenheid om mei-elkoar in kopke kofje te drinken. Elkenien is tige wolkom.

trochmakke'.

Ik haw ek besocht om sjen te litten dat in frijsinnige geasteshâlding net allinne yn de typysk frijsinnige organisaasjes te finen is, mar ek dêrbûten. Men kin it rûnom yn en bûten de tsjerken oanwize en it bestie al yn de 16^e en de 17^e ieu.

R. Klooster

De tsjerkeklok

It sil net ien yn Earnewâld ûntgien wêze dat de klok net mear let wurdt. Dat wie net langer fertroud om't de klokkestoel yn de toer sa min wurden wie. Dêrby wie de klank fan de klok ek striemin. Dat kaam om't der in skuor yn siet. Lykas de âlde Earnewâldsters grif noch wol heuge mei, is de klok yn de tiid fan de Dútske besetting út de toer weihelle, om't de Dútskers ferlet hiene fan brûns foar de oarlochsyndustry. By dy aksje is de klok doe nei ûnderen smiten en skuord. Hy is nei de befrijing gelokkich wol weromkommen, mar by it lieden bearde it lûd letterlik 'as in skuorde klok'. Dêr sil no wat oan

By ferkeard adres werom nei:
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

dien wurde. De klok is ferline wike ophelle om yn Dútsklân (!) makke te wurden. Tinus en Jeltsje fertelden my dat it opheljen in hiel kerwei west hat. Hy is net bûtenom, mar binnetroch nei ûnderen takele. De souder fan it pertaal moast der sadwaande útbrutsen wurde. Troch it gat kin men no oant boppen ta yn de toer sjen. De klok sil der sa net wer yn kinne, want de klokkestoel is sa bot ferrotte en fermôge dat er ferfongen wurde moat troch in nijenien. It wurdt mei-elkoar noch in hiele operaasje mei in soad rommel. Wannear't de klok wer yn de toer hingje sil, dat is no noch net te sizzen, mar it soe in moaie gedachte wêze as de Dútske firma de sokken der wat yn sette soe mei de *Wiedergutmachung* en de klok op 5 maaie o.s. wer let wurde kin.

Kopijdatum

Kopij foar it oare nûmer fan 'e *Earu* graach ynleverje foar 10 maart 2007.